

GI-GA-GROEN DE GOARGELS

1. FERHALEPRAAT

Taaldoel: Kin sûnder ta te rieden meidwaan oan in petear (yn petear B1)
Ynhâldsdoel: Untdekke dat de eagen fan bisten faak oars wurkje as dy fan minsken.

- Ynlieding:** Lês side 15 o/m 18 foar. Hjir komt dúdlik út dat Melle supereagen hat.
- Kearn:** Bepraat it haadstik op de 'Fertel ris' manier (sjoch didaktyske oanwizings). Om it tema Gi Ga Groen dúdlik út komme te litten, kinst fragen stelle dy't de oandacht rjochtsje litte op it ûnderwerp 'Supereagen':
 - Wat fine jimme fan de namme 'toverkiker'?
 - En as jimme troch in 'toverkiker' sjogge, soene jim dan ek sa goed de ferskate fûgels werkenne lykas Melle dat docht?
 - Melle fertelt heit wat er sjoen hat op de râne fan syn bêd. Hoe reagearret syn heit?
 - Wat wurdt bedoeld mei it lêste sinsje 'It liket wol as wit heit presys wêr't ik it oer ha, tocht Melle'.
- Ofsluting:** Slút ôf mei de opmerking dat we op in oar momint fierder gearn mei de aventoeren fan Melle.

2. TAALRÛNTE

Taaldoel: Kin in ienfâldige, gearhingjende tekst skriuwe oer ûnderwerpen dy't fertroud of fan persoanlik belang binne (skriuwe B1).
Ynhâldsdoel: De eigen omjouwing waarnimme en witte dat hjir sintugen foar brûkt wurde. Se witte hokker sintugen der binne en se witte it begryp thús.

- Ynlieding:** Lês side 78 o/m 82 foar en fertel dat Bobba oan 'e fjoertoer, de dunen en de leppelbekken sjocht en fielt dat er thús is.
- Praatrûnte 1:** Freegje de bern 'Wat hasto fan'e moarn sjoen doesto de doar útgongst?' Fertel dan sels oer de kear datst (troch it rût) nei bûten seachst en tocht: 'No wit ik dat ik thús bin'.
- Praatrûnte 2:** Freegje 'Wa kin ek wat fertelle oer in spesjaal momint dasto fieldest: 'Dit is foar my thús'. (Fertel watst seachst, heardest, fieldest, rookst, preaust...)
- Listje meitsje:** Lit de bern in listje meitsje mei dingen yn de omjouwing fan harren hûs (sjoch webside wurkblêd) en lit de bern inoar yn twatalen dernei fertelle oer de kear dat se bûten wienen of nei bûten seagen en tochten: 'Dit is foar my thús'. Se brûke de wurden út it listje mei sintugen en tinzen.
- Tekst skriuwe:** Lit de bern in ûnderfiningstekst (fertelling) skriuwe (sjoch webside-wurkblêd).
- Tekst beprate:** Besprek de tekst op de neamde punten (opbou en byldzjende wurden).
- Moaier meitsje:** Lit de bern de tekst nei de besprekking op 'e nij skriuwe en moaier meitsje om de tekst dêrnei op te hingjen (publisearjen).

3. LIT DY GEAN

Taaldoel: Kin in persoan (Goargel) beskriuwe (skriuwe A2)
Byldzjend doel: In Goargel meitsje mei bysûndere eigenskippen fan klaai en natuerlike materialen.

Nedich: Natuerlike materialen (lykas blêden, tûkjes, stikjes gers, stientsjes, fearkes, skulpkes, ...), natoerklaai (fine chamotteklaai), spatel, kaartjes, fineliners.

- Ynlieding:** Lês it fragmint oer de Goargels foar op side 9 fanôf de tekst 'Melle die syn eagen sa wiid iepen as er koe'.
- Kearn:** Fertel de opdracht 'Meitsje in bysûndere Fryske Goargel fan klaai en natuerlike materialen'.
 - Meitsje in skets fan in goargel. Wat kin er goed? Wat hat er by him? Wat hat er oan?
 - Meitsje út ien stik klaai in lyfke. Bring in wollige tekstuer oan troch oer dy foarm te wriuwen mei in stikje klaai.
 - Meitsje de goargel ôf mei de natuerlike materialen, dysto fûn hast.
 - Skriuw in passende namme op in kaartje en skriuw derby wat er goed kin, wat er yt, hokker lûden er makket, hoe âld er is ensfh. Skriuw yn it Frysk.
- Presintaasje:** Meitsje mei-inoar in Fryske Goargelfamylje-útstalling.

4. FAK-TAALFORMULE

Taaldoel: Kin mei foldwaande begryp teksten lêze (lêze B1).
Ynhâldsdoel: Leare hoe't ferskate bisten sjogge.

- Ynlieding:**
 - Lês foar side 26.
 - Besprek mei-inoar: Kin dit yn it echt ek? Datsto wat sjochst dat in oar net sjocht?
 - Sjoch op de webside fan YMU nei it filmke. Alle bisten hawwe fansels eagen of sintugen wêrmei't se "sjogge". Hoe dogge se dit? Hokker bist kin nachts goed sjen en hokker bist oerdeis? Hokker bist kin it bêste sjen en hokker it minst?
- Kearn:** Lit de bern yn groepkes ien fan de boppesteande fragen útwurkje (elk groepke in oare fraach).
- Presintearje:** Lit de groepkes elkoars befiningen presintearje. Soargje derfoar dat yn 'e presintaasje ferskate talen oan 'e oarder komme. Dat kin byg. troch in meartalige mindmap, in presintaasje yn in oare taal, ien learling ien taal, ensfh.
- Ofsluting:** Lês it gedicht 'falk' (s.43) of 'wyckel' (s.47) foar.

5. TINK DY TÛK

Taaldoel: Kin sizze wat hy/sy tinkt (yn petear B1).
Ynhâldsdoel: Wizer wurde oer it begrip en de funksje fan sintugen en ûntdekke dat net elkenien dêr itselde oer tinkt.

- Ferwûnderje:** Fertel 'De super-eagen fan de Wikel út it gedicht en de super-eagen fan Melle binne handich. Mar wat is it wichtichste sintúch?'
 - Filosofearje:** Kies ien fan ûndersteande sinnen dy't dy nijsgjirrich meitsje of skriuw in pear sinnen hjirfan op it boerd en lit de bern ien kieze. Bring djipgong yn it petear troch bygelyks ien fan de oare fragen te stellen.
 - Watfoar sintúch is it handichst foar bisten?
 - Binne der noch oare sintugen?
 - Ha beammen ek sintugen?
 - Kin in minske libje sûnder sintugen?
 - Kinst in taal ek priuwe?
 - De Grykse filosoof Zeno van Elea (circa 490-430 v.C.) sei: "De natoer hat ús twa earen jûn en mar ien tonge sadat we mear harkje soene dan prate". Stel dat we mear tongen hiene dan earen en eagen, hoe soe de wrâld dan wêze?
- Besykje úteinlik tegearre in konklúzje te lûken oer de haadfraach: Wat is it wichtichste sintúch?
- Ferankerje:** Lit de bern in tekening meitsje fan in sintúch (sa grut as it papier) en dêr wurden en sinnen ynskriuwe oer wat bepraat is.

6. DE INKTFLUENCER

Taaldoel: Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe yn in gedicht (skriuwe B1).
Ynhâldsdoel: In listgedicht meitsje oer in lûdleas lânskip.

- Ynspiraasje:** Lês side 12 foar.
- Ferwûnderje:** Fertel 'Wy ha lêzen dat Melle op skoalle ûnder it rekkenjen nei bûten seach. Op syk nei syn favorite bisten. In rût hâldt in soad lûden tsjin, it is krekt as sjocht er in lûdleas lânskip. Wy sille hjoed oan de slach mei in gedicht hjeroer'. (Sjoch op de webside in foarbyld fan sa'n gedicht.)
- Meitsje yn twatalen in listgedicht.** Fertel: 'Gean yn twatalen foar it rût sitten fan it lokaal, stel dy foar dat der gjin inkeld lûd troch hinne komt, do hearst neat. Mar wat sjochst? Omskriu dat hiel krekt. Begjin elke sin mei 'Ik sjoch' en fertel wat asto sjochst. Skriuw de sinnen op, mar ... de earste twa wurden (=ik sjoch) skriuwst net op! De earste en lêste sin binne itselde. Jim skriuwe minimaal seis rigels.'
- Bewûnderje:** Elk twatal presintearret har gedicht. Sit der echt gjin lûd tusken? Sjocht elkenien itselde of dochs wat oars? Binne it allegear Fryske wurden? Binne de earste en de lêste sin itselde?
- Moaier meitsje:** Lit de bern de tekst nei de besprekking op 'e nij skriuwe en moaier meitsje om de tekst om op te hingjen (publisearjen).

7. PRAAT MAR TOANIEL

Taaldoel: Kin in dialooch hâlde en sizze wat hy/sy sjocht en fielt (yn petear B1)
Ynhâldsdoel: Kin mei bewegings en mimyk útbyldzje wat ferteld wurdt.

- Fertel:** 'Heit en Melle farre mei de fearboat nei pake en beppe, dy't op It Eilân wenje...'
- Lês foar:** side 70 en 71
- Bepraat mei elkoar:** Wa hat ek wolris op in eilân west? Seachst ûnderweis ek bisten? Hokker? Hoe sjocht de natuer op it eilân derút? Is dat oars as hjir?
- Fertel en lit de bern it útbyldzje:** 'Jim meie frij troch de klasse rinne en jim litte sjen wat jim hearre, fielde, sjogge en priuwe. Stel dy ris foar, do bist yn 'e bosk. It is prachtich waar en do rinst hearlik op bleate fuotten. Oh wat rûkt it hjir oars as yn 'e stêd. Do fielt dy bliid, it is fjin hjir te rinnen. Au! Do stapst earne op. Ai...dat die sear. Wat wie dat? Even sjen...oooooh, dat is in dinne- apel. Even pakke en goed besjen. Hoe fielt dy dinne-apel...Wat sjochst no? Is dat in spintsje dêr tuskenyn? Jawis. No, fuort mei dat ding. Ik hâld net sa fan spinnen. Ik fielt myn mage. Ik haw sin oan wat. Soe ik noch in stik bôle yn 'e rêchtas hawwe? Even sjen. Wat is dy tas fol. Wêr is dy bôle. Ahhhh, hjir is it. Ik nim daliks in hap. Hearlik...mei framboaze-jam...'
- Spul:** Wêr is Melle? Ien fan de bern mei Melle wêze en giet de klasse út. De groep praat ôf yn hokker natoergebied se mei elkoar binne: de bosk, de see, de dunen, de greide, it strân, it lân, de seedyk, de polder of noch earne oars. Yn twatalen betinke de bern in koarte dialooch, dy't te meitsjen hat mei it plak dêr't se binne. Melle komt wer yn de klas. De bern begjinne fuort te boartsjen wêr't se binne, mar se prate der net by. Melle neamt in namme, byg. Antsje. Alle bern bliuwe no stean op it plak. Antsje en har maat boartsje troch en hawwe in lytse dialooch. Dêrnei boartsje alle bern wer troch en neamt Melle in oare namme. It folgjende twatal hat in dialooch. Pas as der trije dialogen spile binne, mei Melle sizze wêr't alle bern binne. Is it goed? Dan mei in oar Melle wêze.